

DOARPSOMROPPER


MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN




† Keekthuis te Aldegea in Smallingertant. 1725

KIES VOOR UW KIND DAT MOET GROEIEN
EEN PIEDRO WAARMEE-IE KAN STOEIEN.

Artikel nr. 234



Artikel nr. 107



Artikel nr. 109



MAG DE FIJNSTE KINDERSCHOEN VAN NEDERLAND
MISSCHIEN IETS DUURDER ZIJN?



drukkerij

R.I.J.O. b.v.

DRACHTEN

Het Anker 7, 9206 AL Drachten, tel. 05120 - 12468

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

Utjouwer:
Drukkerij R.I.J.O. b.v.
Het Anker 7
9206 AL Drachten
Till. 05120 - 12468

Redaksje:
L. de Jong, haadredakteur, It West 8
M. Veenstra-Klasema, Eastersânning 5, till. 2514
Foar it Doarpsomropperke:
C.Bosma, Geasten 1. S. Bouma, Buorren 28A

KOPIJ FOAR IT MAAIENUMER FAN DE DOARPSOMROPPER YNLEVERJE
FOAR 17 MAAIE. DAT NUMER WURDT DAN BYLANS BROCHT OP 30 MAAIE.

Y N H A L D:

FERS

FAN'E REDAKSJE

Aksje I
Aksje II

FERIENINGSNIJS

Damklup
Voetbal
Doarpsbelang
Fûgelwacht
It Muzyk
In stap fierder

IT WITTEN WURDICH

Fa. Nagel en Zn.
Princenhoffietstoertocht
Frysk
Hyp Hoi Fry
Hout- en Bouwbond CNV

UT OARE BLEDEN

Omgong
Dik Trom moat ferbean wurde

YNSTJOERD

De doleantie van 1886
Stuurgroep Maatschappelijke Discussie

FAN ALLES WAT

Resept
Praktykorganisaasje van Staveren
Brooddeegfiguren

SKIEDNIS

Underwiis en Skoalmasters IV
Alde foto

DOARPSOMROPPERKE

WURKLISTEN ensf.



M A I T I I D

*Dizze maaie giet it dochs wer oer
10 maaie, 15 april, 4 maaie, 5 maaie,
al binne wy der wurch fan.*

*Wurch fan dach bêste Bob,
Karel, Krijn en de hiele deade rattaplan,
ek wol helden neamd,
ûnder tinkstiennen,
foarsafier mooglik.*

*Wurch fan nooit earlik ferjitte
en noch altyd de pest oan dûtsk
en oan P. fan de NSB
en hieltyd âlder sear
as hege huodden omgrieme
mei deftige wurden.*

*Allinne doe 't wy meager en skurf
as gekken dûnsen op de Brol
don 't fence me in,
raasde de frijheid halleluja.*

*Ienkear hearden wy, wat se dan neame,
de stim fan de frijheid.
Dêrnei waard alles wer gewoan.
Kom, wy sille fierder,
dizze maitiid is wer net de goeie.*

(Tiny Mulder, Op slach fan tolven)



AKSJE I

Jo witte grif noch wol fan dy aksje fan in moanne-mennich lyn, doe 't ús gemeentebestjoer sa alder-tigenst yn 'e skrep wie om de fyftichtuzenste yn-wenner oer de Smellingerlânske gemeentegrins te lokjen? Dy aksje is slagge, sa 't jo grif ek wol witte. Mar aksjefieren kostet jild, dat is net fergees, fansels; de sinne komt (noch) fergees op en de lucht dy 't wy ynazemje kostet ek (noch) neat, mar dy is kwalitatyf sjoen ek al lang net mear wat se eartiids plichte te wêzen, mar fierders En by dat fierders heart aksjefieren ek. It hat de gemeente, dat binne wy dus, de Smellingerlanners, f 83.310 koste, dy aksje. No ja, it kaam eins noch f 12.000 heger, mar dat is der mar net byrekkene. It hat ús as ynwenners fan 'e gemeente f 1,67 de persoan koste, dêr komt it op del. Mar dat hawwe jo moai wis foar dy fyftich-tûzen wol oer en oars wol foar de wille dy 't ús bestjoerders en amtners oan it aksjefieren belibbe ha.

No hat de ried dy sifers al ûnder eagen hân, want sa heart it net wier, wy wenje net yn Opsterlân, lokkigernôch, wy hâlde de demokrasy heech. De riedsleden wiene der efkes stil fan, want fan it boppe-namde jild wie f 12.000 útjûn oan iten en drinken! Guon riedsleden wreauwen har de eagen út, doe 't se seagen, dat der allinne al foar f 5.000 oan iterij nei de gemeentesiktarij brocht is, as de amtners dêre nei de offisjele kantoartiid noch wat wurk fersetten yn it kader fan 'e aksje. Der blike sûne lju te hûs-manjen op ús siktarij, roppige lju meie wy wol sizze, dêr kinne wy wiis mei wêze.

"No ja," wie it kommentaar fan de loko-boarge-master. "It hat wat mear koste as wy earst tochten. Mar it risseltaat is der ek neffens".

d. J.

AKSJE II

De leden fan 'e Twadde Keamer hawwe der koart-lyn ek oer gear west, oer dy gemeentlike weryndie-ling dêr 't de lêste jierren yn Fryslân al hiel wat op ompraat is. Jo witte noch wol wêr 't it om giet. Der soene yn Fryslân in tal gemeenten wêze, dy 't te lyts binne, d.w.s. te lyts yn ynwennertal. Sokke lytse gemeenten soene net genôch "bestjoerskrêft" hawwe (wat dat dan ek mar wêze mei). Om mear fan dy "bestjoerskrêft" te krijen moasten guon gemeenten grutter makke wurde, dat doe kaam de kaart fan Fryslân op 'e tafel en der waard mei rekkenmasyn-tsjes, potleaden en streeklatten wurke. It risseltaat fan dy ynspanningen wie, dat guon gemeenten in stikmannich doarpen kwyt moasten en dat ek wol twa, of as it sa útkaam trije, gemeenten byinoar-foege waarden. Se hawwe nuver mei ús ieuwenâlde gritenijgrinzen omgriemd. Allegear fanwegen dy niis-neamde bestjoerskrêft. Lju, dy 't saakkundich neamd waarden, hiene sein, dat foar in behoarlik bestjoerde gemeente it ynwennertal net minder as tsientûzen wêze mocht. En dêr waard doe nei stribbe. Tsiën-tûzen waard suver in magysk getal. Hâns Wiegel, ús hjoeddeiske kommissaris, hat der yn syn minis-terjierren ek sines ta dien. En dat, wylst der by myn witten nea in oertsjûgjend bewiis levere is, dat it bestjoer fan in lytse gemeente kwalitatyf minder is as fan in gruttenien. As wy yn 'e trant fan dy grutheids-oanbidders troch riddenearte dan soe Amsterdam op 't heden ús bêst bestjoerde gemeente wêze moatte. Liket dat der op?

By de Keamerdebatten fan okkerdeis die it bliken, dat de Keamerleden ek net folle fidúsje mear hiene yn 'e tsientûzennoarm. Guon mienden, dat lytse gemeenten hiel wol goed bestjoerde ienheden wêze



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536.

**A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA**

kinne. Yn 'e fraksje fan 'e VVD hearde men sizzen, dat in gemeente fan 10.000 ynwenners yn 'e rânstêd wol wat oan 'e lytse kant wêze soe, mar dat sa 'n gemeente op it Fryske plattelân aardich grut wêze soe. By de VVD miene se, dat foar it Fryske plattelân in gemeente mei sa 'n 7.000 à 8.000 ynwenners, mei in ried en in boargemaster in hiel aardige gemeente wêze kin. Dat binne hiel oare lûden as in jier of trije lyn. Small wurdt wer beautiful.

Dy nije tinkwize no ris tapast op ús eigen gemeente iepenet nije perspektiven. Elkenien wit no wol, dat ús gemeente sont koartlyn 50.000 ynwenners hat en elkenien wit ek wol, dat Drachten fierwei it grutste plak fan Smellingerlân is. Der wennen byg. yn july 1982 yn Drachten allinne 40.929 minsken, yn 'e oare doarpen fan Smellingerlân meiinoar 8.741. It is ek klear en bleat, dat Drachten stedske allueres hat. En earlik, der is yn Smellingerlân gjin plak oan te wizen, dat Drachten belykje kin. Nei Drachten is De Pein it grutste doarp, mar yn july '82 hie dat doarp mar 1.657 ynwenners, Aldegea mar 1.500. Meiinoar hiene de doarpen, bûten Drachten doe 8.741 ynwenners. In enoarm ferskil dus mei Drachten, dat wol, mar neffens de ideeën dy 't koartlyn yn 'e Twadde Keamer ferkundige waarden is 8.741 ynwenners genôch om in aardige gemeente te foarmjen.


Drachten soe wol graach in stedsgemeente wêze wolle, dat is hieltyd te fernimmen; de oare Smellingerlânster doarpen binne in bongel oan 'e Drachtster poat. No, lit Drachten stedsgemeente wurde, wat soe dêr op tsjin wêze?

Rekken hâldend mei wat der koartlyn yn 'e Twadde Keamer sein is oan oantallen ynwenners kinne de oare doarpen fan Smellingerlân in hiel aardige plattelânsgemeente foarmje meiinoar. Smellingerlân soe dan wat minder km² beslaan, mar dat is it slimste net. Yn Smellingerlân soe in tefreden gemeente Drachten komme te lizzen, en tefredenheid is ek wat wurdich.

Wa moat yn dizzen de foarstap nimme? De pleatslike ôfdielings fan ús politike partijen? Fuort dan mar. Dan hawwe dy sa tusken twa ferkiezings yn ek ris wat te dwaan. In moai kerweike, liket my ta. Aksje!

d. J.

FERIENINGSNIJS



DAMCLUB D.C. "OUDEGA"

De competitie is met nog een paar wedstrijden zo goed als afgelopen. In groep I wist F. Kooi kampioen te worden. Met 1 nederlaag (tegen Joh. de Graaf) 5 remises en 10 winst partijen wist hij 25 punten te behalen en kan niet meer ingelopen worden. He. Jonker moet nog 1 partij en bij winst is die 2e en bij verlies is Joh. de Graaf 2e en Henk 3e. U. Tjeerdsma wist nog wel van Henk te winnen, maar moest wel verliezen van O. Kooi, zodat hij de laatste plaats wel behoudt. Als deze Dorpskrant uitkomt is alles al uit, want op 29 april sluit de Damclub hun laatste bijeenkomst in 't Miensker met een feestavond.

In groep II is M. Tjeerdsma kampioen geworden. Naaste belager P. Feddema moest in de eindstrijd 4 punten verliezen en eindigt als 2e. De 3e plaats is voor J. Jansma.

Standen op 16 april 1983:

GROEP I			
1. F. Kooi	16-25	5. S. de Graaf	16-15
2. Joh. de Graaf	16-21	6. O. Roukens	14-14
3. He. Jonker	15-20	7. L. Houwink	14-13
4. O. Kooi	15-16	8. G. Tjeerdsma	16- 8
		9. U. Tjeerdsma	16- 6

Desnoods op de fiets naar Olterterp . . .

Want VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij

"DE SLAG"
in Olterterp

bijzonder goedkoop v.a. f 200,- p/p, 14 karaat goud
en bekende merken

Ook zware zilveren geboortelepels
vanaf 195,- gratis gegraveerd

Verder duizenden sieraden in GOUD en ZILVER
nergens goedkoper

Inruil van oud goud tegen de hoogste prijs

SELMIEN 2
Tussen Olterterp en Ureterp
Tel. 05125 - 1695



GROEP II

1. M. Tjeerdsma	15-24	7. M. v.d. Veen	14-11
2. P. Feddema	14-20	8. Kl. Jacobi	13-10
3. J. Jansma	15-18	9. G. Kooi	10- 9
4. Sj. Reitsma	15-16	10. Tj. Jonkhoff	13- 9
5. B. Klijnstra	14-14	11. C. Bouma	12- 8
6. D. Jonker	13-11	12. M. Hofman	2- 0

Met 3 ploegen werd in de bekerwedstrijden gespeeld. Oudega 2 speelde thuis tegen Cornjum 2 en won reglementair met 8-0, omdat de ploeg uit Cornjum niet op kwam dagen. De 2e wedstrijd speelde men in Marknesse en werd met 5-3 gewonnen. No. 3 werd in en tegen Woudsend 1A gespeeld, maar daar moest men een nederlaag incasseren van 6-2. Wel wist J. Jansma op 't 1e bord te winnen, maar Oudega II werd wel uit de beker gewipt. Oudega 1B speelde tegen Oostermeer 3. Dit werd een fiasco omdat Oudega een nederlaag van 6-2 moest incasseren. Tegen deze 3e klassers wist alleen U. Tjeerdsma de volle winst te pakken. Verloren werd door O. Kooi, S. de Graaf en G. Tjeerdsma. Oudega 1A speelde hun 1e wedstrijd tegen Huizem 2A en wist een 6-2 overwinning te boeken. De 2e wedstrijd speelde men in en tegen Woudsend 1B en wist een 4-4 gelijk spel te halen. Doordat Henk Jonker aan het 1e bord won, gaat dit 4-tal door en zitten hierdoor bij de laatste 8. Spelers hier zijn He. Jonker, F. Kooi, Joh. de Graaf en L. Houwink.

Bij de oudere jeugd blijft de spanning tot het eind. P. Toering moest de koppositie aan Cor en Reinder laten. Deze spelers moesten elk nog 1 partij spelen. Beide spelen ze nog tegen S. Bouma. Reinder heeft 1 punt voorsprong op Cor.

Bij de jongere jeugd is Aalzen Wijma de kampioen. Aalzen is één van de damfamilie van Gr. Wijma. Ook broer Wiebren staat zijn mannetje, terwijl ook Grietzen veel voor het schooldammen heeft gedaan. Aalzen is één van de jongste deelnemers in deze klas, maar kon zijn concurrenten met gemak aan. Ook is deze speler van groot belang voor het schooldammen. W. Jelsma is hier 2e, en Gjalt Jan v.d. Lei is hier 3e geworden.

Stand jeugd:

1. R. Jelsma	19-26	1. A. Wijma	39-73
2. C. Tjeerdsma	19-25	2. W. Jelsma	38-61
3. P. Toering	18-20	3. G. v.d. Lei	39-58
4. R. de Jong	19-17	4. J. Toering	38-52
5. S. Bouma	17-15	5. R. Wiersma	36-47
6. H. Hospes	18- 7	6. F. Boersma	37-40
		7. W. de Jong	39-40
		8. H. Sluiter	37-22
		9. P. de Jong	39-10
		10. J.J. Veenstra	39- 9
		11. J.H. Veenstra	39- 6

P. Feddema

In aai is in aai, sei de pastoar, en hy naam it grutste foar kar.



*Yn Aldegea binne de gasrekkens it alderleechst,
want de kwaliteit fan de slachter is dêr 't alderheechst.*

*Dat fleis is sa mar gear, hoecht dus mar krekt op 't fjoer
en it is foar dat soarte gjin stoer te djoer.*


*De moaiste jonge kij dy meie wy thús noch slachtsje,
de kwaliteit is sa goed, men kin net better ferwachtsje.*

*En binn' jo âld of siik en kinn' jo 't sels net helje,
twa kear wyks bringe wy 't bylâns, dus je kinn' rêstich belje.*

*Jo hoege ek net troch de snie of wiete rein,
want wy besoargje ek yn Burgum, Nijegea en De Pein.*

*Dus wat let jo, krij rêstich mar de tillefoan
en wy bringe 't moaiste guod by jo oan.*

*Foar 't fijnste fleis of in stikje rikke spek op brea:
nei Oeds Pietersma, slachter te Aldegea.*



OEDS PIETERSMA

SLACHTER ALDEGEA



**SANBUORREN 19
ALDEGEA (SMELL.)**



TILLEFOAN 05127 - 1241

Wenhûs: Langdeel 7, tillefoan 2456

"VOETBAL"

Ook Oudega heeft éénmaal in 't jaar zijn voetbalploeg in 't veld.

Dit elftal wordt dan samengesteld uit spelers van Oudega, die lid zijn van een voetbalclub uit de buurt, de meesten zijn lid van ONT uit de Pein.

Ook dit jaar wordt er weer gespeeld. Het ligt in de bedoeling 2 wedstrijden. De 1e wedstrijd is tegen ONT 5-spelers uit de Pein, de 2e wedstrijd is tegen spelers, die wonen in de Folgeren uit Drachten. Deze 3 ploegen spelen een halve competitie om een wisselbeker, die door de spelers zelf beschikbaar wordt gesteld.

Programma is als volgt:

Di. 17 mei — ONT 5 - Folgeren

Di. 24 mei — Oudega - ONT 5

Di. 31 mei — Folgeren - Oudega

De volgende spelers van Oudega komen bij deze wedstrijden in 't veld:

Willem Wouda	Johan Feddema
Kees Wouda	Wiebren Riemersma
Tjeerd v.d. Bij	Hielke Bergsma
Bertold de Haan	Marten de Vries
Louw Wobbles	Jappie Tiekstra
Tjibbe v.d. Velde	Gauke Kootstra
Sjouke Reitsma	Leider is: P. Feddema, tel. 2009.

De wedstrijden worden op het ONT terrein gespeeld, en beginnen om 7 uur.

SE BINNE WER IN STAP FIERDER!

Saterdei 16 april hawwe de dammers fan 'e Kr. Nasjonale Skoalle nei Easterwâld ta west om mei te damjen yn 'e s.n. kwartfinale om it kampioenskip fan Nederlân foar legere skoallen. En mei sukses! De organisatoaren hiene de dammers ferdield oer trije ploegen. Yn 'e ploech fan 'e Aldegeasters sieten:


- De wegwijzer, Grins;
- De arkel, Broek op Langedijk;
- Kr. Nasjonale Skoalle, Hijken;
- Kr. Nasjonale Skoalle, Aldegea;
- De Avercampskoalle, Kampen;
- Mariaskoalle, Heino.

De Aldegeasters hawwe ien kear remise spile, ntl. tsjin de Mariaskoalle. De oare partijen hawwe se allegear wûn, dat levere har dus 9 punten op en dêrmei wiene se de heechste fan de groep. Hja krigen dan ek de winnerstroofe mei nei hûs. En no strak op 14 maaie nei de heale finale, dy 't spile wurde sil yn Skagen of yn Grins. De skoaldammers út Sleat, Sondel en Waskemar meie dan ek meidwaan. De dammers dy 't op 16 april dy moaie oerwinning binnen hellen wiene: Roelof de Jong; Cor Tjeerdsma, Aalzen Wijma; Liuwe Wijma, wylst Gjalt v.d. Lei en Ronald de Vries as wikselspylers meidiene. Wy winskje de jonges ek op 14 maaie sukses ta. Set de skouders der mar wer ûnder jonges. Jonges, ja . . . want wa 't it rychje spylersnammen lêst sjocht der net ien famkesnamme by stean. Soene Aldegeaster famkes net damje kinne?



D. VISSER
GARAGEBEDRIJF

Gariperwei 2
9216 VK Oudega (Sm.)
Tel. 05127 - 1777



MEI - AANBIEDING

VERKOOP VAN NIEUWE EN GEBRUIKTE AUTO'S
(Eventueel met inruil)

Reparatie alle merken auto's b.v.:

- doorsmeren en olie verversen
- 10.000/15.000 km beurten
- uitlaten gratis montage
- schokbrekers
- accu's, antivries
- autoruiten
- balanceren, uitlijnen
- banden (minimaal 15 procent korting)
- autoradio's, mistlampen etc. etc.

20 procent korting op
traktor-olie
(20-60-200 liter)




Pomp geopend van 07.30 tot 18.30 uur
Zondags gesloten





KLEINE KAREKIET (Fr. Karrekylt)

Elk landschap heeft zijn eigen vogelsoorten. Op de hoger gelegen droge gronden treffen we andere vogelsoorten aan dan in de lagere waterrijke gebieden. Veel zangvogels leven in bosachtige streken en zijn daar ook door de manier waarop ze hun voedsel zoeken en hun nesten bouwen geheel op aangewezen. Maar ook in geheel open terreinen waar geen boom of struik te vinden is, treffen we zangvogels aan. Hun manier van nestbouw en voedsel zoeken is daar weer precies op afgesteld. Zo hebben ook de waterkanten en moerassen waar veel riet aanwezig is hun eigen soorten zangvogels. Eén van de meest voorkomende is de kleine Karekiet. Een onopvallend bruingrijs zangvogeltje, iets kleiner dan een mus. Het is een trekvogel, die de winter in warmere streken doorbrengt; merkwaardig is dat deze trek 's nachts plaats vindt. Vanaf begin mei komt de vogel weer terug in zijn broedgebied, maar het is vaak wel juni voor ze weer in aantal op volle sterkte zijn. Tegen die tijd begint het riet ook weer op hoogte te komen en kunnen de vogels met de nestbouw beginnen. Dat nest is een wonderlijk mooi bouwwerk, gevlochten tussen de rietstengels, vaak boven het water. Kleine Karekieten zijn onderling verdraagzame vogels, hun nesten zitten vaak dicht bijelkaar, soms broeden ze in kleine kolonie's. De kleine Karekiet is een ijverige zanger, die de hele broedperiode door te horen is. Eigenaardig is, dat, als men de vogel verstoort, hij vaak heftiger begint te zingen. Ook is hij bij onze nadering beslist niet schuw. Hij verdwijnt eerst wel in het riet, maar komt steeds terug, soms tot op een paar meter afstand en lijkt dan zelfs nieuwsgierig. Maar misschien is dit zijn manier om zijn territorium te verdedigen tegen indringers. Toch heeft hij niet veel vijanden, want rietvelden worden in de zomer meestal wel met rust gelaten. Maar één is er die hem steeds weer probeert te vinden, en dat is de koekoek. Want in Friesland is de kleine Karekiet de belangrijkste waardvogel van de koekoek. Eigenlijk meer een noodzakelijk kwaad, waar hun getalsterkte niet onderlijdt.



G. Elzinga

DOARPSBELANG, ALDEGEA

DOARPSGENOATEN!

Sa 't jimme wol witte sille, fiert Doarpsbelang syn 80-jierrich bestean ankomme 13 maaie, de freed nei Himelfeartsdei. It program sjocht der sa út:

7 oere jûns	: Iepening fan it parkje by it Krûmdeel
7 oere 30	: Resepsje
8 oere 15	: Feestlike jûn foar elkenien, frije tagong, meiwurking fan de hear Teake van der Meer fan de Westerein. De hear Bas den Oudsten sil mei film- en dia-materiaal delkomme.

Doarpsbelang soe it op priis stelle as elke dy 't flagge kin, op de 13de maaie de flagge út stekt.

It Bestjoer

AUTO- en MOTORRIJSCHOOL

W. PIJL

Foareker 27 - 9247 AA URETERP
Tel. 05125 - 2151

Haal uw rijbewijs:

in schakelauto B.M.W.
in automaat Renault
op één onzer motoren Honda

U bent bij ons niet
een hele morgen of middag van huis,
maar slechts 2 uren ! ! ! !

Elke week theorieles
URETERP
HEMRIK
DRACHTEN
SURHUISTERVEEN

*Wat nedich is moat earst, sei de man,
en doe bruide er syn wiif.*

ook voor Uw:

* REIZEN

* VERZEKERINGEN

* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

Telefoon 05127 - 1533

Rabobank



geld en goede raad

IT MUZYK

Wisten jim dat de muzykferiening "Looft den Heer" op it Frysk Fanfare Festival saterdei 9 april yn 't Hearrenfean in boppeslach makke mei har optreden? Yn 'e Ljouwerter krante stie it ûndersteande ferslach: "Looft den Heer" Oudega (Sm.), dirigent Klaas van der Woude. De klank in een "Hymne-tune" was mooi en de uitbeelding muzikaal, de klankverhoudingen in "Fragmenten" waren uitstekend en de zuiverheid optimaal. In "Slovakian Dances" van Kees Vlak werd boeiend gemusiceerd met een fraaie bugelgroep "de violen van het orkest". Aan het geheel was veel zorg besteed.

Op 12 MAAIE kinne jim it korps hearre tusken 7 EN 8 OERE yn 't programma "MUZIEK IN VRIJE TIJD" fan de N.C.R.V.





UW makelaar


makelaarskantoor R. WIJMENGA b.v.

makelaar en taxateur
in onroerende goederen

lid MCC

noordersingel 9
bergum friesland
telefoon 05116 - 1757

HOUT- EN BOUWBOND CNV

BEKENDMAKING
Soc. Fonds Bouwnijverheid

De aanbieding van de zegelboekjes voor de zomervakantie vindt plaats op zaterdag 7 mei 1983 van 13.00 uur tot 17.00 uur bij A. Schonenburg, Jachtweide 15 te Oudega (Sm.).

Penningmeester Hout- en Bouwbond
C.N.V., afdeling Oudega

NAGEL BERGUM !!

Deze maand hebben we de fa. Nagel uit Bergum gevraagd wat meer te vertellen over hun bedrijf. Dhr. Nagel jr. stond me te woord.

Hoe lang bestaat de fa. Nagel?

Precies weet ik het niet, maar het is ongeveer 65 jaar geleden dat pake met de winkel begonnen is. Daarna heeft heit het van hem overgenomen. En op dit moment runnen m'n echtgenote en ik de zaak.

Heeft u ook personeel?

Ja, buiten ons beiden zijn er nog 7 man personeel, daar heb ik dan de naaisters niet bijgerekend.

Wat verkoopt u behalve kleding nog meer?

We verzorgen ook nog woninginrichting, gordijnen, bedden, etc.



Is het niet moeilijk om altijd bij te blijven op modegebied?

Ja, dat is erg moeilijk, je moet er met je neus steeds boven op zitten, en dat houdt in dat m'n vrouw en ik in het seizoen 2 à 3 x per week een dag in Amsterdam rondkijken naar nieuwe kleding.

Bezoekt u daarnaast ook nog veel vakbeurzen?

Een enkele keer gaan we naar het buitenland, maar de hoofdzaak is Nederlandse inkoop. De inkoopcombinatie is in Amsterdam, en daar betrekken we de meeste kleding van.

De concurrentie in uw branche lijkt me groot.

Ja, dat is zo, maar wij proberen in al die jaren al, goede, draagbare en vooral betaalbare mode te brengen. We hebben geen extreme mode, zoals punkmodellen.

Wat denkt u van de minimode?

Nou, het wordt niet zo'n rage als in de jaren 70. Ik denk dat alleen de jeugd het zal gaan dragen evt. in combinatie met broek. Parijs en Milaan voorstellen al, dat het de komende herfst en winter wel weer gedaan is met de minimode.

Heeft u als middenstand in Bergum veel hinder van Drachten als trekpleister voor het winkelend publiek?

Dat is natuurlijk moeilijk te peilen, maar wij hebben veel klanten ook uit omliggende dorpen zoals Garrijp, Oudega en Eernewoude. Bovendien winkelen er ook Drachtsters hier in Bergum.

Meneer Nagel hartelijk dank voor dit gesprek en veel succes met uw zaken.

M. V.-K.

FRYSK

"It is in GOEDE SAAK", men heart it gauris sizzen. Jo sille it moai wis ek wolris heard hawwe of lêzen. Faaks sizze jo it sels wol ris. Mar al wurdt it in protte brûkt, Frysk is it net. "Het is een goede zaak", sizze de Hollanners en mannich Fries set sa 'n sintsje samar yn syn eigen taal oer, wurdlik. En dat hoecht net, wy hawwe der gjin ferlet fan, wy kinne ús der bêst sûnder rêde. Wy kinne ommers sizze: "it is in GOED DING, en ek wol: "it is in BEST DING", of "it is in SKOANDER DING".

HYP HOI ! FRIJ !

It jonge folkje fan 'e Aldegeaster beuker- en legere skoallen hat yn 'e maaie moanne frij op:

- 5 maaie;
- 12 o.e.m. 15 maaie;
- 21 o.e.m. 25 maaie.

Is dat net in klútsje bûter yn 'e brij?

By âlds wie 't in wûnder as in ezel prate, no is 't in wûnder as in ezel him stilhâldt.

UT OARE BLEDEN

DIT HAWWE JO NOCH NET

IN STJER OAN'E LOFT DY'T JO NAMME HAT

Ek tige gaadlik as eksklusyf presintsje. Priislist ensfh. allinne by: Direktversand Pingen.

(Ut 'e Westdútske "Zeit")

DIK TROM MOAT FERBEAN WURDE

Us skoaltsje hat iepen hôf hâlden. Elkenien wie wolkom om te sjen en te hearren wat der langer yn in moderne skoalle te bewûnderjen falt en hoe 't alle war dien wurdt om troch multifunksjoneel materiaal de bern optimaal funksjonearje te litten, benammen wat de kréativiteit yn al syn of har fleksibiliteit oangiet.

Mei allegearre fan sokke heechljeppende wurden en begripen, dy 't aardich boppe it net al te fleksibele nivo fan myn Bartele lisse, wiene ús doarpslju útnoege om al dat funksjonele materiaal te bewûnderjen en taljochtsje te litten troch master en juffer.

Ik haw der allinne hinne west; Bartele woe net mei, om 't dy min loskomme kin fan "aap-nootmies" en "Leeuwarden - Jelsum - Cornjum - Britsum - Stiens" en om 't er noch altyd min oer de wei kin mei master.

No, ik moat sizze, dat wy yn ús skoalletiid hiel wat mist hawwe en dat foar it each ús oplieding en opfieding net meunsterje kinne tsjin alles wat de skoalbern hjoeddedei meijûn wurdt: radio, t.v., diaprojektor, bânrekorder, koptelefoans, prachtige boeken, in djoer dokumintaasjesintrum en noch helte mear funksjoneel learmateriaal.

Ik haw it Bartele allegearre besocht út te lissen, ek, dat kweajongesboeken as Dik Trom en Pietje Bel eins ferbean wurde moasten: âldmoadrich en pedagogysk lang net ferantwurde mei al dat kattedwea.

Doe waard Bartele opsternaat en smiet my foar de skinen: Makkest my net wiis, dat de hjoeddeiske fernielsucht, it stellen en it ûnfatsoen te witen binne oan Dik Trom en Pietje Bel, krekt oarsom: al dat nijmoadrich gedoch en dy aaklike frije opfieding bringe ús fan 'e iene jeugdellinde yn 'e oare.

Bartele sil wol gjin gelyk hawwe, mar faaks hat er foar ien kear ek net alhiel ûngelyk.

Bartele Boukje

(Oernommen út: "De Pompeblêden", 19 febr. 1983)

OMGONG

De hjoeddeiske Kommissaris fan 'e Keninginne yn Fryslân is in noflik man yn 'e omgong, sa heart men sizzen. Dat is in moai ding foar de lju dy 't mei him te krijen hawwe: deputearren, amtner, aksjefierders en ljipaaaisikers. Dat mocht ek wol, want sûnt de dagen fan Linthost Homan hâlde it net oer. Hy mei

VOORJAARSAANBIEDING

* Witte sokjes – f 3,25

* Witte kniekousen – f 3,95
– alle maten –

* Kort BROEKJE met bijpassend
ZONNEHEMDJE

Maten: S, M, L, badstof – slechts f 24,95

Wist u dat wij een grote collectie
FELICITATIE-, CONDOLEANTIE-,
en WENSKAARTEN enz. hebben?

K O O I S T R A – TEXTIEL-
en WONINGINRICHTING

Buorren 22 – OUDEGA (Sm.)

Tevens POSTAGENTSCHAP

Op het postkantoor kunt u tevens
terecht voor PASPOORTEN, RIJBEWIJZEN,
VISKAARTEN enz.



ek graach, al of net mei in nuvere pet op of snor foar, boartlik oppenearje yn it sportive of artistike. En ek dat falt der wol yn. In gemiensum man yn it heechste amt yn Fryslân is noait wei. No is de hear Wiegel ek wer net sa eigen mei de Friezen, dat er har taal sprekken leare wol. Dat hoecht foar him net, en dêryn wykt er net ôf fan syn foargongers. Dêr leit foar him de grins fan de gemiensumens, sa 't it skynt. Dat falt in hopen raar ôf. Dy hiene it blykber oars ferwachte. Dat is lykwols in illúzje. Dat leit him net oan menhear Wiegel, likemin as oan in menhear X of Y. It is yn it Nederlânske bestjoerssysteem ynbakt. Kommissarissen yn Fryslân sille nea Frysk prate. Wat de Beweging of de Steaten ek ûndernimme, Fryslân kriget nea in Frysksprekke kommissaris, lit stean in Fries. Dat past ommers hielendal net yn it sintralistyske en unifoarmistyske bestjoers- en kultuerpatroan dat wy hjir yn Nederlân hawwe. En Limboarch dan? sil immen sizze. Dat is al in oar gefal. Limboarch is net allinne it popke fan it regear, hoe 't dat ek gearstald wêze mei; it is ek in ûnskuldich folkloristysk ferskynsel, dat dy Limboarchers in eigen trant ûnderhâlde. Fryslân is dêrfoaroer in provinsje,

dêr 't in aparte folksstamme wennet, mei in frjemde taal, in duorjende bedriging fan de dominante hollânske kultuer. Dat folkje moat ûnder de kwint hâlden wurde. Dêr in eigen man hinne te bestjoeren soe fierstente noedlik wêze, sa 'nent koe de nasjonalistyske oanstriid wolris fuortsterkje. En wêr bedarje wy dan? Dat sadwaande. — Dan moat der mar in noflik man hinne; dy kin de skerpste kantsjes der wat ôfhelje.

L.H.B.

Ut: Frysk en Frij, 26.3.83

YNSTJOERD

KERKGESCHIEDENIS IN HET KORT

De DOLEANTIE van 1886

Velen die bij de afscheiding in de Hervormde kerk waren gebleven, maar geen vrede hadden met de verkrachting van de belijdenis dáár, probeerden nog in de kerk te zuiveren en te herstellen. Mr. Groen van Prinsterer had de leiding van deze groep (deze belijder leefde van 1801-1876). Keer op keer richtten hij en anderen adressen aan de Hervormde Synode, doch de Synode luisterde niet en de band aan Schrift en Belijdenis werd in de Hervormde kerk al lossen en lossen. Er heerste totale leervrijheid.

B: De moderne richting kwam op. De hoofdwaarheden van het Christelijk geloof werden radikaal ontkend. Het Goddelijk gezag van de Heilige Schrift werd geloofchend. Het wonder, ook van de opstanding van JEZUS CHRISTUS, werd verworpen. Men zag de HEILAND als een gewoon mens - de stichter van het Christendom.

